

Liturgjy by it ôfskied fan



*Elizabeth Winia - de Vries*

☆ Goaiïngea  
29 oktober 1936

† Skearnegoutum  
23 jannewaris 2025

op woansdei 29 jannewaris 2025  
om 13.30 oere  
yn de Martenstsjerke yn Skearnegoutum.

Foargonger: ds. Siena Clossen  
Oargelist: Johan Ypma  
Alderling fan tsjinst: Ruurd Lieuwes

## OARGELMUZYK

### WURD FAN WOLKOM

### BEMOEDIGING EN GEBED

### LIET 121: 1 EN 3: 'IK SJUCH DE BERGEN OAN EN ROP'

Ik sjoch de bergen oan en rop  
troch wyldernis en wâld:  
wêr fyn ik help en hâld?  
Myn help is God, Hy heint my op.  
Dy 't himel makke en ierde,  
sil my oan de ein ta liede.

De Hear bringt al dyn heil ta stân,  
oerdei en yn 'e nacht  
hâldt Hy oer dy de wacht.  
Hy jout dy yn it woeste lân  
skaad tsjin 'e gleone sinne,  
ny nacht kinst feilich rinne.

### BETINKEN:

### TRIJE KEARSEN FOAR WYTSKE, PAKE SJERP EN BEPPE LIESBETH

### IN MEMORIAM TROCH SJOUKE EN JOHANNA

### IN GEDICHT FOAR BEPPE

### "HALLELUJA" FAN LEONARD COHEN

### OERTINKEN:

### WE LÊZE ÚT DE BIBEL PSALM 139: 1-6

*Foar de dirigint. Fan David. In Psalm  
O Heare, Jo ha my hifke en Jo kenne my.  
Jo witte fan myn sitten en oereinkommen.  
Fan fierren al fersteane Jo myn gedachten.  
Jo bemjitte myn gean en myn lizzen,  
mei al myn wegen binnen Jo bekend.  
Want der komt my gjin wurd oer de lippen  
of Jo Heare, witte der al lang fan.  
Achter my binne Jo en foar my, rûnom,  
en Jo lizze de hân op my.  
Dat te witten is my al te wûnder  
en te ferheven; ik kin der net by.*

## **“SÛNDER LEAFDE BISTO WEI”**

(vertaling van oorspronkelijke tekst van Karel Eykman: Zonder liefde ben je nergens.)

Al soe ik kear op kear  
yn djippe gesprekken  
myn ferhalen ôfstekke  
en wist wize wurden op alle gebiet,  
as ik de leafde net meisprekke liet  
dan like it mear  
op tromme-gekletter  
geswets en gesketter  
as ik de leafde net meisprekke liet.

Al blies ik de trompet  
heech fan 'e toer,  
Al song ik fol fjoer  
De stjerren fan 'e himel, it heechste liet,  
as ik de leafde net meispylje liet  
dan klonk it noch krekt  
as toeters en bellen.  
Ik hie neat te fertellen  
as ik de leafde net meispylje liet.

Sûnder leafde bin ik wei,  
sûnder oaren stel ik neat foar.  
Hie ik oaren net by my,  
ik siet op in dearinnend spoar.  
Want leafde is fertrouwd  
en leafde is leauweardich  
is iepen, sa earlik as goud,  
rûnút en rjochtfearnich.  
't Is leafde dy't sjocht  
hoe opnij te begjinnen.  
Wat leafde al net docht:  
fertriet, ja ek de dea oerwinne.

## **LIET 982: 1, 2 EN 3: “YN 'E BLOMBOL SIT IT KROOKJE”**

Yn 'e blombol sit it krookje,  
yn 'e kerrel sit de ier,  
yn 'e pop leit in belofte:  
flinters fleane frij en fier!  
Under 't sniefjild fan 'e winter  
siket maitiid om ferwin,  
noch ferburgen oant it útkomt,  
God allinne kin it sjen.

Yn 'e stilte rypje lieten,  
komme wurden en meldij,  
alle tsjuster ken de moarntiid,  
yn dat ljocht wurdt alles nij.  
It ferline draacht de takomst,  
wat dy bringt is ûnbekend,  
noch ferburgen oant it útkomt,  
God allinne kin it sjen.

Yn ús útein leit de oanfang,  
yn 'e tiid ûneinichheid,  
yn 'e twivel leit it leauwe,  
yn ús libben ivichheid,  
yn 'e dea it nije libben,  
en oerwûn is alle striid,  
noch ferburgen oant it útkomt,  
God allinne ken de tiid.

## **OERTINKING: "O, HEARE, JO HA MY HIFKE EN JO KINNE MY"**

### **OARGELMUZYK**

#### **'THE FAMILY TREE' FAN VENICE**

Branches in the wind  
Still standing here together  
One more storm to weather  
We'll get through it yet  
So we're gathered here  
Holding on to each other  
To let go of another one we won't forget

Now as we say goodbye  
To one of our own  
We may be lonely  
But we're not alone  
Though the leaves will fall  
And the tears will flow  
May it always comfort us to know  
The family tree will always grow  
Father down to son, mother to daughter  
Thicker than water, we are made of this  
From the Earth we rise  
To the Earth returning  
We'll keep a candle burning  
For the ones we'll miss

Takken in de wind,  
die hier nog steeds bij elkaar staan,  
Nog een storm om te doorstaan  
maar daar slaan we ons wel doorheen,  
Dus zijn we hier bijeengekomen  
ons aan elkaar vasthoudend,  
om een ander te laten gaan  
die we niet zullen vergeten,

Nu we afscheid nemen  
van één van ons,  
mogen we misschien eenzaam zijn  
maar we zijn niet alleen,  
En hoewel de bladeren vallen  
en de tranen stromen,  
kan het voor ons een troost zijn  
te weten dat de stamboom altijd door zal groeien,  
van vader op zoon, van moeder op dochter,  
bloed kruipt waar het niet gaan kan.  
Vanuit de aarde verrijzen we  
en tot de aarde keren we weer terug,  
We houden een kaars brandend  
voor degenen die we missen,

And when we say goodbye  
To one of our own  
We may be lonely  
But we're not alone  
Though the leaves will fall  
And the tears will flow  
May it always comfort us to know  
The family tree will always grow  
It's stronger than the wind can blow  
The family tree will always grow

*En wanneer we afscheid nemen  
van één van ons,  
voelen we ons misschien eenzaam  
maar we zijn niet alleen,  
En hoewel de bladeren vallen  
en de tranen stromen,  
is het voor ons troostvol te weten  
dat de stamboom altijd zal groeien.  
Hij is sterker dan de wind kan blazen.  
De stamboom zal altijd doorgroeien,*

## GEBEDEN:

### NEI DE TANK- EN FOARBEDE SJONGE WE 'GOD FAN FIER EN HEIN ÚS HEIT'

God fan fier en hein ús Heit,  
dat wy hil- - lig - je jo nam - me,  
ûn - der ús sa faak ûnt - wijd,  
troch jo ei - gen bern be - skam - me

2. Bûch de folken nei jo wet,  
lit jo ryk op ierde komme.  
Byn jo wil ús op it hert  
en wy sykhelje ferromme.

3. Jou ús hjoed ús deistich brea  
en ferjou wat wy misdiene,  
sa't ek wy ferjûn ha, Hear,  
al dy't skuldich foar ús stiene.

4. Lit oer ús gjin neare nacht,  
lied ús net yn blyn begearen.  
Binne wy yn duvels macht,  
Hear, ferlos ús fan 'e kweade.

5. God fan fier en hein ús Heit,  
wûnder heimnis is jo namme,  
grut yn krêft en hearlikheid,  
oant yn alle tiden. Amen

## GEDICHT 'DE STIEN' TROCH MARTHA

### SLOTWURDEN

## **MEIDIELINGS TROCH DE BOADE**

### **WURDEN FAN UTLIEDING**

#### **SJONGE LIET 416: 1, 2 EN 4**

Hear, wês mei ús oant in oare kear,  
wol oant wersjen oer ús weitsje,  
lit gjin kwea ús rigen reitsje.  
Hear, wês mei ús oant in oare kear.

Hear, wês mei ús oant in oare kear,  
wol ús mei jo wjukken hoedzje,  
stypje as de stoarmen woedzje.  
Hear, wês mei ús oant in oare kear.

Hear, wês mei ús oant in oare kear,  
as wy wurch en warleas binne,  
lit ús dan troch Jo oerwinne.  
Hear, wês mei ús oant in oare kear.

## **UNDER IT ÚTDRAGEN GABRIËLLA'S SONG ÚT 'AS IT IS IN HEAVEN'**

### **WE GJIN NEI IT TSJERKHÔF FAN LOAIÏNGEA**

---

#### **LÊSTE WURDEN BY IT GRÊF**

#### **WE BIDDE:**

Us Heit yn 'e himel,  
lit jo name hillige wurde,  
lit jo keninkryk komme,  
lit jo wil dien wurde  
op ierde likegoed as yn é himel.  
Jou ús hjoed ús deistich brea  
en ferjou ús ús skulden,  
sa't ek wy ús skuldners ferjûn hawwe;  
en lit ús net yn fersiking komme,  
mar ferlos ús fan it kweade.  
Want jowes is it keninkryk  
en de kreft  
en de hearlikheid  
oant yn ivichheid. Amen.

## **SEINE**

## *De stien*

*Ik haw in stien ferlein yn in rivier op ierdei  
it wetter hat in oare loop tenei  
De stream fan de rivier lit him net kearei  
it wetter fynt altyd in oare wei*

*Wa wit, ea, fol mei himelwetter  
nimt de rivier myn stientsje mei him mei  
en leit'm glêd en rûn beslipe  
te resten ynê lijte fan de see*

*Ik haw in stien ferlein yn in rivier op ierde*

*No bin ik wis dat jim my nooit ferjitte  
'k levere bewiis fan myn bestean  
Want troch 't ferlizzen fan dy iene stien  
sil it wetter nea itselde paad wer gean.*